

Tekst: Lise Vanderheyden (Artevelde Hogeschool, Gent)  
Oersetter: Gerben Wiersma, Wethâlder Gemeente Dantumadiel  
Einredakteur: Janny Bottema

## In iisko mei fjouwer ferskillende kleuren

Op in wite krystjûn, sit de hiele famylje fan Mira oan in lange, moai klearmakke tafel dy't omtrint de hiele wenkeamer beslacht. Elk hat him sêd iten oan muoike Lore har hearlike krystmiel. Der stiet hast gjin iten mear op 'e tafel. Alle fleis, de kroketsjes en sels alle grienten binne ferdwûn. Utsein by Mira. Op har board leit alle griente noch, sels de woartels en tomaten út muoike Lore har grientetún. Mar Mira hat hielendal gjin sin oan de griente út de grientetún fan muoike Lore. Sy wol in iisko en leafst in wetteriisko. In raket mei fjouwer ferskillende kleuren. "Ik wit wat betters", seit muoike Lore entûsjast. Se rint nei de keuken en komt werom mei wol fjouwer soarten taarten: in sûkeladetaart, in krystbeamstam, in appeltaart en in makkataart. Omke Willy jout in gjalp; hy wit net oft dat der noch wol by kin yn syn búk. Muoike Lore jout oan elkenien in stikje taart.

Sels Mira kriget in stikje. "Allinne om't it kryst is," seit muoike Lore. "Fan moarn ôf moastst dyn board wer hielendal leech ite," seit se sebeare string.

"Mar ik wol hielendal gjin taart! Ik wol in iisko," seit Mira. Muoike Lore laket. "Net laitsje muoike, ik wol echt wier in iisko!"

"Mira yt no mar gewoan in stikje taart," seit omke Willy.

"Nee," seit Mira noch ris, "ik wol in iisko!"

Omke Willy kin der net mear om laitsje. "Asto noch in kear 'ik wol in iisko' seist, set ik dy yn dyn ûnderbroek bûten yn de snie."

It bliuwt efkes stil, Mira sjocht om har hinne en ropt dan hiel lûd: "Ik Wol In IISKO!"

In pear tellen letter stiet Mira, yn har rôze ûnderbroekje, bûten yn de snie.

Wylst de rest fan de famylje genietet fan in lekker stikje taart, fangt Mira bûten yn de snie snieflokjes op mei har tonge. In pear minuten oant mem har ophellet en in grutte handoek om har hinne slacht.

"En Mira, wolst no in stikje taart?" freget mem. Mira tinkt efkes nei en seit dan hiel stiltsjes: "Mem, ik wol eins in iisko." Mem laket om de stiifkoppigens fan Mira. Dat hat se fan har heit. En om't it dochs mar ien kear yn 't jier kryst is kriget Mira har wetteriisko. Mei fjouwer ferskillende kleuren.

